

## Beskriuwing fan it projekt:

### It oersetten fan *Liedboek, Zingen en bidden in huis en kerk yn it Frysk*

- **Ynlieding**

Dizze projektbeskriuwing is makke om harren, dy't it projekt finansjeel stypje wolle, ynsjoch te jaan yn it doel en de realisaasje derfan. Hoewol't alle oerset- en redaksjewurk yn prinsipe troch frijwilligers dien wurdt, is it sûnder finansjele stipe net mooglik om de Fryske útjefte te realisearjen foar deselde priis as de Nederlânske útjefte. En dat is needsaaklik om te berikken, dat it boek kocht en brûkt wurde sil.

- **Doel fan it projekt**

It doel fan dit projekt is de útjefte yn boekfoarm fan *Liedboek, zingen en bidden in huis en kerk yn de Fryske taal*. Dit nije lieteboek is in útjefte fan de Interkerkelijke Stichting voor het Kerklied (ISK) dêr't in achttal tsjerkegenoatskippen yn fertsjintwurdige binne. Yn maaie 2013 is it boek, útjûn troch de BV *Liedboek yn Zoetermeer*, oanbean oan de dielnimmende tsjerken. It doel fan de útjefte yn it Frysk is te befoarderjen dat de Fryske taal brûkt wurde sil yn tsjerketsjinsten en oare liturgyske gelegenheden. Dy befoardering omfiemet sawol religieuze as kulturele aspekten. Om dat doel te berikken moat jild fandele wurde.

- **Ferantwurdlike organisaasje**

It oersetprojekt is in mienskiplik inisjatyf fan de ISK en de Yntertsjerklike Kommissje foar de Fryske Earetsjinst (YKFE) te Ljouwert. De YKFE, dy't formeel by de Protestantske Tsjerke yn Nederlân (PTN) ûnderbrocht is, belûkt ek de oare dielnimmende tsjerken by it wurk.

- **Gearfetting fan de ynhâld en wurkwize**

It giet om in boek fan goed 1600 siden mei 1415 sjong- en lêsteksten. Fan sa'n 570 dêrfan besteane al Fryske oersettingen, de oare 845 binne ûnderwilens ek oerset. Op inisjatyf fan de YKFE binne bekwame teologen, dichters en musisy oanlutsen om oan de oersetting te wurkjen. Jierliks wurdt in kontakt- en stúdzjemoarn holden. De fierdere kontakten tusken redaksje en oersetters ferrinne digitaal. De redaksje wurdt foarme troch Jan Breimer fan Grou, Bob Pruiksma fan Drylts en Cor Waringa fan De Jouwer.

In part fan de teksten hat de redaksje sels foar syn rekken nommen. De konsept-oersettings dêr't oerienstimming oer berikt is mei de oersetters wurde (anonym) hifke troch de meilêzers: saakkundigen, oanwiisd troch de dielnimmende tsjerkegenoatskippen, en oersetters. Dêrnei wurde de ynkommen opmerkings en suggestjes ferwurke. De al besteande Fryske oersettings (út it *Lieteboek foar de Tsjerken [1977]*, *Tuskentiden [2006]* en oare útjeften) wurde allegear troch de redaksje hifke en, as dat nedich blykt te wêzen, oanpast of op 'e nij oerset. By oersettings fan frije foarmen (net-strofyske lieten) sil it needsaaklik wêze om de settings yn de Nederlânsktalige begeliedingsbondel en koarbondels oan te passen oan de oersette tekst. It doel is om dy muzyk digitaal tagonklik te meitsjen.

- **Effekten**

Wy binne dêrfan oertsjûge, dat de Fryske útjefte in grutte bydrage leverje sil oan it brûken fan it Frysk. De ynhâld fan lieten en gebeden leit yn de Fryske taal tichter by it hert fan de Friezen. De útjefte sil it sjongen fan lieten yn it Frysk befoarderje.

Jierliks wurdt yn oktober foar de hiele provinsje in iepenbiere sjongmiddei holden om oersette lieten ta klinken te bringen. Yn 2012 binne sân regionale sjongjûnen holden,

organisearre troch de 'klassen' fan de Protestantske Tsjerke, yn 2013 yn Snits folge troch sa'n selde jûn, organisearre troch en foar de Meniste Gemeenten en yn 2014 in sjongmiddei yn Holwert, om sa ek de Amelanner tsjerken skewiele te kinnen. Dy ymplementaasje sil noch jierren trochgean, is it doel.

Eftergrûnynformaasje

- **Wat doel hawwe wy mei in Frysk Lieteboek?**

Prinsipiël: de ynhâld fan it liedboek heart yn it Frysk beskikber te wêzen, want:

- dêr hawwe de Friezen en it Frysk as erkende twadde rykstaal rjocht op (wetlik);
- in kategory minsken is mei teksten yn de memmetaal better te berikken as mei 'tsjerkelatyn' (pastoraal, misjonêr);
- it fuortbestean fan de minderheidstaal wurdt geweldich stipe as it lieteboek yn tsjerke en húshâlding oanwêzich is (ideëel).
- de ynspanning om ta in oersetting te kommen is foar elkenien (dichters en organisatoaren) al in kulturele died fan belang (ideëel).in nij repertoire en de dêrút fuortkommende aktiviteiten sille fan libbensbelang foar de tsjerken én foar it Frysk wêze.

Praktysk: de prinsipiële doelen meitsje al helder dat it net allinnich giet om it beskikber hawwen fan de oersettings fan de lieten en oare teksten, mar dat it giet om in útjefte yn boekfoarm. Dêrby moat tocht wurde oan in lieteboek lykweardich oan de Nederlânsktalige bondel en in tal oanfoljende dokuminten mei dêryn de begeliedingen fan de meldijen dy't yn it Frysk fanwegen ritmyske oanpassings net krektlyk bliuwe koene, in koarútjefte en in beamerpakket, sa't dat yn it Nederlânsk beskikber is.

Yn beried is om de oanfoljende dokuminten op ynternet te pleatsen, nei't it boek yn de sirkulaasje brocht is. It doel dêrfan is, dat teksten foar liturgyboekjes gebrûsklear oanrikt wurde foar de dielnimmers oan tsjinsten en fieringen.

- **Njonkeneffekten**

It projekt is in goed foarbyld fan hoe't taalkundigen, teologen en dichters fan ûnderskate disciplines en konfesjes harmonieus mei-inoar oparbeidzje kinne. Troch it Frysk yn tsjerketsjinsten te brûken komt de ynhâld fan it boadskip "tichter by de minsken". It fielt oan as is de Fryske taal dêr "riker" troch wurden.

Foar mannich Fries is it Frysk de "earste taal", dy't dêrom it meast gaadlike middel is foar de winsklike kommunikaasje mei de maatskippij, dêr't de tsjerklike gemeenten yn libje en wurkje.

By de oersetting fan Dienstboek deel I wie ús kommisje der al fan oertsjûge dat de oersetting yn it Frysk it brûken fan dy taal befoarderje soe en tagelyk it oantal tsjinsten yn it Frysk tanimme litte soe. Wy ha fernommen dat it yndied bydroegen hat oan it groeiende gebrûk fan ferantwurde Fryske taal yn earetsjinsten en oare (religieuze) gearkomsten.

De betsjutting fan it tastânkommen, it ynfieren en brûken fan it Lieteboek sil (folle) fierder rikke as it binnentsjerklik effekt. Folle mear minsken sille entûsjast makke wurde foar it brûken fan de Fryske taal yn har posysje as lieder fan tsjinsten en/of begelieder fan meiminsken.

- **Oanriederskomitee**

- Haaije Feenstra direkteur Tsjinste-organisaasje Protestantske Tsjerke yn Nederlân
- drs. ing. Klaas van der Kamp, algemien sekretaris Rie fan Tsjerken yn Nederlân
- Drs.Lützen Kooistra, haadredakteur fan it Frysk Deiblêd en 'Het Goede Leven'

- Prof.dr. Anne van der Meiden, mjirkes heechlearaar kommunikaasje, predikant en publisist
- Sietske Poepjes deputearre Provinsje Fryslân
- Prof.dr. Riemer Roukema, heechlearaar oan de Protestantske Teologyske Universiteit.

- **Budzjet**

Sa'n útjefte, dy't bedoeld is foar in relatyf lyts taalgebiet, is net te ferwêzenlikjen sûnder finansjele stipe troch middel fan fûnsewerving. De meiwurking fan alle gearre, dy't der by behelle binne, is slim yn jild te wurdearjen. It wurk lykwols fan de oersetters en fan de redaksje hat safolle omfieme – en omfiemet no noch safolle – dat it moreel needsaaklik wurden is om harren in fergoeding ta te kennen.

Dêrneist wolle wy foar alle kânsels yn de tsjerken yn Fryslân fergees in eksimplaar beskikber stelle. Dat sil in ympuls jaan oan it brûken fan de Fryske taal. It budzjet, dat wy dan nedich ha, ha wy begrutte op € 46.600.

Fan de ISK is in tasizzing krige foar in bydrage oan de oersetters. De earste útjefte troch de BV Liedboek sil omtrint 3.000 eksimplaren omfiemje.

- **Tiidpaad**

Us planning is derop basearre dat de ferskining plak hawwe kin yn maaie 2015. It oersetten sil yn 2014 net lang nei de simmer syn beslach krigen hawwe moatte. Dernei moat der tiid rerservearre wurde foar de einredaksje en it wurkjen oan de layout en it reemeitsjen foar de produksje.

Us plan is dat de feestlike oanbieding yn 2015 yn de Grutte Tsjerke te Ljouwert plak fine kin. De parse en Omrop Fryslân sille op tiid frege wurde om der útdruklik melding fan te meitsjen.

- **Kontaktpersoanen**

Krekttere ynformaasje kinne jo freegje fan de folgjende persoanen:

*Algemien en ynhâldlik*

Ds C.G.Waringa, Blaauhôfsleane 36, 8501 EM De Jouwer, foarsitter fan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst.  
Telefoan 0513 – 418 090.

*Ynhâldlik*

De hear J. Breimer, It Skûtsje 49, 9001 HH Grou, redaksje en einredaksje.  
Telefoan 0566 – 624 631

*Foar krekttere ynformaasje & Fûnsewinning*

De hear Ing. D.J. de Jong Ozn, Nachtlân 4, 9213 RG De Wylgen, bestjoerslid YKFE.  
Telefoan 0512 – 521 962.

*Algemien oer de YKFE*

Ds. P. Hekstra, Keizerskroan 134, 8935 LZ Ljouwert, skriuwer YKFE.  
Telefoan 058 – 288 34 50.

**Ús bankrekken: NL87 RABO 0362 2362 59 0362 2362 59 o.n.f. W. Rozendal en/of D.J. de Jong Damwâld.**